

# Ekofoar

dierfreonlik broadsje woarst	A7	Em	
dat smakket better	G	A7	Em
de slachter aaide 't barchje	A7		
earst sachtsjes oer de kop	G		
en hood syn skerpe mes earst yn lauw wetter	A7	B7	Em

ko-freonlike molke  
dat is gjin teltsje  
de boer set de mesine  
oan it folle jaar  
en wylst slikket de ko har lytse kealtsje

*kearsang:*

<i>it is in toer, by de boer</i>	Em	G	
<i>leit de gifspuit op 'e loer</i>	A7	B7	
<i>en hy smyt fol fjoer</i>	Em	G	
<i>sekken keunstdong der oer</i>	A7	B7	
<i>mar hy riidt ús net langer foar syn kroade</i>	A7	Em	
<i>biologysk is hjoeddedei de moade</i>	A7	Em	
<i>dus ek al wurdt de iterij dan wol wat djoer</i>	G	A7	B7
<i>wy brûke ekofoar</i>	Em		

ûnbespuite griente en fruit  
dat is net nuver  
it ferskil priuwsto hiel bot  
de kweker brûkt gjin giftich guod  
mar blaast de parasiten fuort, dan bliuwt it suver

genetysk gemanipulear  
net oan begjinne  
inkeld natuerlik DNA  
dat kin ús liif it bêste ha  
oars komme soargen op ús ta dy't wy net kinne

*kearsang:*